LEEUWARDER COURANT
01 december 2012, pag. 30

tegast

Dat blinderse mUSeum

Willem Verf fan Feanwâlden ferwyt direksje en bestjoer fan it Frysk mUSeum, dat se it net mei Fryslân ferbine wolle en dat se it net mei in Fryske identiteit pronkje litte doare (LC 17 novimber).

Lêsten krige ik fan de direksje it fersyk om freon fan it mUSeum te wurden, it spul siet om jild ferlegen. De freonskip wie oars net goedkeap: 132 gûne it jier yn âld jild. It moast dochs mar oangean, lykwols wol op betingst, dat earst de namme fan Fries mUSeum yn Frysk mUSeum feroare wurde soe. Foar wat heart wat, no?

Der koe fan nammeferbettering nul en neat komme. It haad 'marketing en kommunikaasje' redenearre: „It mUSeum giet oer Fryslân, mar is bedoeld foar elkenien, net allinne foar Friezen. De Nederlânske namme kommunisearret mei in brede groep minsken." It komt op it wenstige útwynsel del dat ientaligen ús taal net lêze kinne soene. Dy brede groep minsken, goed tweintich miljoen fan de mear as seis miljard op ierde, makket oars net mear as in 0.35 prosint fan it minskdom út.

Neffens de redenaasje fan 'marketing en kommunikaasje' soe it Museo Nacional Centro de Arte Reina Sofia yn Madrid allinne foar de Spanjers bedoeld wêze en de Pinacoteca Nazionale di Bologna allinnich mar foar de Italjanen. Mar nettsjinsteande de Spaansktalige namme wurdt nimmen net - fan hokker taal, ras, kleur, ensfh. - by de yngong fan it Museo Nacional keard. Alleman fan fier en hein is wolkom. En dat de Pinacoteca in Italjaansktalige namme draacht, lit it iepenstean foar eltsenien - fan hokker taal, berte, oare status, ensfh. - ûnbehindere. Mei dy feiten fan oare kant Tsjonger en Lende is it bewiis wol levere, dat de redenaasje fan 'marketing en kommunikaasje'/direksje/bestjoer derbytroch is.

De eigentalige beneaming Frysk mUSeum sil nimmen net oankomme as 'allinnich mar foar Friezen'. Skamte foar eigen is langer net mear fan dizze tiid, dy is fan dóe. Verf wol hawwe, ''dat it mUSeum ûnbeskromme, sûnder falske skamte, kieze moatte soe foar in Frysk imago''. Direksje en bestjoer soene dan ek kieze moatte foar in bûtenkant dy't strykt mei de binnenkant: Frysk mUSeum ynstee fan it geveltjehollandse Fries mUSeum. De jimmeroan harjende kranteman Pieter de Groot: „Als je het mUSeum van en voor Friezen wilt laten zijn, dan moet je ze (...) medeverantwoordelijk maken." (LC 17 novimber). Foar de besteande taalgriemerij wol ik net meiferantwurdlik achte wurde.

Logo Fries Museum.

BERTUS JANS POSTMA
YNWENNER FAN BITGUMMOLE